

PRACHT FYNST

Hoe'tst mei erfgoed ûnderwiis
makkest yn Fryslân



Foar groep 1 o/m 8

Kultureel erfgoed is in wichtich ûnderdiel fan wa't wy binne en wêr't wy weikomme. Erfgoed makket ûnskiedber ûnderdiel út fan ús libbens en tagelyk sjogge wy it net, it heart der gewoan by.

Underwiis oer erfgoed lit dy sjen as bist op fakânsje; op fakânsje yn dyn eigen hûs, doarp, stêd of provinsje. Sykje nei de gouden kombinaasjes tusken ûnderwiis en erfgoed.

Oftewol: in prachtfynst!

OAN 'E SLACH MEI ERFGOEDÛNDERWIIS



STAP 1

Ut hokker tema, ûnderwerp, metoade wei of yn hokker omjouwing wolst wurkje?

STAP 2

Kies in gaadlike yngong (sjoch fierderop: spoaren út it ferline, gebrûken en rituelen of ferhalen) sadatst keppelings meitsje kinst mei de leeftiidsgroep en de ynhâld.

STAP 3

Ferbyn dyn ûnderwerp oan it Frysk. Net allinnich troch Frysk taalgebrûk, mar ek benammen troch typysk Fryske ynhâld te jaan oan dyn ûnderwerp.

STAP 4

Untwerp dyn les mei de ynhâld en keuzes fan de foargeande stappen. Dêrby kinst it ûntwerpkanvas brûke. Fia de QR-koade is in leech kanvas te printsjen en fynst yn de wiidweidige online-ferzje fan dizze tool ek de kulturele feardichheden dêr't dyn learlingen yn oefenje as se mei erfgoed dwaande binne.



WIN-WIN

Ferbyn dyn les mei oare fakgebieten lykas boargerskip, kultuer, natuer en taal. Hoe kinst it lokale erfgoed sa ynsette, dat it past by dyn les út in oar fakgebiet.

Tip: Meitsje in keppeling mei Taalplan Frysk of gean it petear oan mei de Skoalstiper fan Cedin yn oerlis hoe'tst it Frysk keppelje kinst.

MEITSJE IT SPANNEND

Besykje yn dyn les om in ferwurking ta te passen dêr'tst dyn erfgoed foar dyn learlingen yn ta libben bringst. Soks kin boartlik, aktyf en keunstsinnich. Tink oan it sels meitsjen fan in âld foarwerp, it neispyljen fan in sêne út it ferline, it útoefenjen fan in âld ambacht, it op 'e nij fertellen fan in âld folksferhaal troch it te situearjen yn 'e takomst of it sjen nei en praten oer in keunstwurk. As erfgoed ta libben komt en der meardere sintugen by ynset wurde kinne, wurdt de learûnderfining krêftiger.

MEITSJE IN KULTURELE KAART FAN DYN OMJOUWING

In noflikke wize om dy te ferdjipjen yn de omkriten fan dyn skoalle, is it meitsjen fan in kulturele kaart. Faak is der folle mear ast ferwachtst, en ast witst wat der is, makkest ek flugger de link nei dyn lêsstof. Fynst in hand-out fia de QR-koade.

IK, WY, WRÂLD

De learline wurket mei trije ynhâldlike yngongen: Ik, wy, wrâld: Wa bin ik? Hoe pas ik yn myn omjouwing? En hoe begryp ik de wrâld om my hinne? Oer wa'tst bist, wêr'tst wei komst en wêr'tst hinne wolst.



4-6 JIER | GROEP 1/2

IK

Yn groep 1/2 wurdt der omtinken jûn oan ûnderwerpen út de direkte omjouwing tichtby de bern.

SPOAREN ÚT IT FERLINE

Foarwerpen út de eigen omjouwing en skiednis de learling. Lykas klean, boartersguod of foto's, in berteleppel, gebouwen, monuminten en objekten yn de omkriten fan de skoalle. Tink oan huzen, pleatsen, tuorren, brêgen, terpen, slúzen of âlde beammen

GEBRÛKEN EN RITUELEN

Alde Fryske rymkes, gedichtsjes, ferskes en spultsjes mei âlde foarwerpen lykas in tol of in hoepel.

FERHALEN

Fryske mearkes, ferhalen fan eartiids fan de learaar, âlders en pakes en beppes by foarwerpen en monuminten.

6-8 JIER | GROEP 3/4

WY

Yn groep 3/4 komt oriïntaasje op dysels en de libbenswrâld oan 'e oarder. Lykas taal, sport en keunst.

SPOAREN ÚT IT FERLINE

Foarwerpen fan eartiids; fan âlders en pakes en beppes yn it eigen wenplak. Lykas boartersguod fan âlders en pakes en beppes, in foto fan pake as jongeman, mar ek terptsjerken, Fryske stinzen en staten, fjoertuorren op de Waadeilannen, keatswanten, Fryske tegelteksten, poldermûnen en skûtsjes. Tink ek oan âlde ambachten en beroppen lykas sulversmidden, skipsbouwers, hantsjemieren en Fryske kerfsneedwurkers. Of bylden fan eartiids lykas it stânbyld fan Grutte Pier of Ús Mem.

GEBRÛKEN EN RITUELEN

Fryske gewoanten en gebrûken bygelyks by doarpsfeesten. Fryske ytkultuer, ûnder oaren by spesjale gelegenheden, lykas in brulloft, in berte of in jierdei. Fryske omgongsfoarmen by begroetsje en foarstelle. It wurkjen oan it iepenloftspul.

FERHALEN

Printe- en ferhaleboeken oer eartiids, lykas oer de Oranjes yn Fryslân, oer Saskia, de leave frou fan Rembrandt van Rijn. En de Fryske sêgen en leginden.

Ferhalen fan bern by âlde foarwerpen en monuminten. Ferhalen by foarwerpen en monuminten, gebrûken, barrens fan eartiids, bygelyks fan in winkelman, skipper, masinist of boer.

8-10 JIER | GROEP 5/6

WRÂLD

Yn groep 5/6 komt oriïntaasje op dysels yn relaasje ta de gruttere wrâld oan 'e oarder. De ferbining mei ierdrykskunde, skiednis, taal, keunst en kultuer en boargerskip kin hjir goed makke wurde.

SPOAREN ÚT IT FERLINE

Foarwerpen út it deistich libben mei in ryk ferline. Lykas antike Fryske klokken, terpfynsten, lykas ierdewurk en ark, Fryske munten en postsegels mei in Fryske ôfbylding of stimpel. Spoaren yn de omjouwing dy't nei it ferline ferwize, lykas Fryske strjitnammebuordsjes, gevelstiennen mei in Fryske ynskripsje of jiertal, en wapenskylden fan Fryske stêden of famyljes.

It deistige libben yn âlde skilderijen en bylden; tink oan foarstellings fan Skûtsjesilen of it Fryske plattelânslibben. Alde Fryske kaarten, lykas de kaart fan Schotanus, ôfbyldings en foto's fan eartiids en ferskate histoaryske boarnen lykas Fryske literatuer en histoaryske ôfbyldings fan Fryske stêden en doarpen.

GEBRÛKEN EN RITUELEN

Gewoanten en gebrûken by feesten en famyljebarrrens. Sporteveneminten, lykas Fierljeppen of as der snie leit: it belsydjeien, mei rinkeljende hynders foar in slide. Ferskillen yn ytkultuer, bygelyks deistige mielen yn ferskate kultueren en tradisjonele gerjochten, lykas potstro. Wearden en noarmen fan dysels, de groep en omjouwing. Omgongsfoarmen fan earder en no.

FERHALEN

Jongereinliteratuer lykas histoaryske ferhalen, bygelyks oer de striid tsjin it wetter of de Fryske keningen. Myten en sêgen lykas dy fan Grutte Pier of it Wite Wiif en ferhalen út ferskillende kultueren.

Ynformative teksten oer it ferline en sprekwurden en siswizen. Ferhalen fan bern by foarwerpen en monuminten oan 'e hân fan spesifike, doelberette fragen. Ferhalen by foarwerpen, gebrûken en barrrens fan eartiids, fan: buertbewenners, migranten (bygelyks dy't har yn Fryslân fêstigen) en museummeiwurkers.



10–12 JIER | GROEP 7/8

IK-WY-WRÂLD

Yn groep 7/8 kinne der by alle fakken relaasjes lein wurde mei kultureel erfgoed.

SPOAREN ÚT IT FERLINE

Foarwerpen yn histoaryske kontekst. Wittenkiplike foarwerpen, lykas âlde atlussen, histoaryske kaarten, plattegrûnen, navigaasjemiddels en sinnewizers. Fia keunst, lykas âlde skilderijen, literatuer en bylden.

It karakter fan stêden en doarpen yn monuminten en oare âlde gebouwen, lykas pakhuzen, fabriken, stedspoarten, tsjerken en pleatsen. Tinktekens, stânbylden, geveltekens, strjitmeubilêr, strjitnammen, havens, grêften, kanalen of âlde skippen.

It karakter fan lânskippen lykas stowâlen/stoalen (NL: stuwallen), dunen, terpen, diken, polders, gemalen, mûnen, wegen, rivieren, kanalen en bosken.

GEBRÛKEN EN RITUELEN

It trochjaan fan en feroarings yn gebrûken, gewoanten en rituelen. Bygelyks yn de eigen húshâlding, in religy of de mienskip. Gebrûken, gewoanten en rituelen yn ferskillende perioades yn de tiid en yn ferskillende kultueren. Waarden en noarmen fan dysels, de groep en de omjouwing, de mienskip, elkenien.

FERHALEN

It komôf fan Fryske sprekwurden en teksten fan âlde ferskes. Ferhalen by foarwerpen en monuminten oan de hân fan selsstannich boarne-ûndersyk.

Ferhalen by foarwerpen, gebrûken, foarfallen fan eartiids, bygelyks fan in argivaris, archeolooch, lânskiparsjitekt of âldheidkundige. Tink oan de tunen fan Roodbaard. Filosofysk gedachteguod út ferskillende beskavings, lykas út de Grykske, Romeinske en Byzantynske kultuer, of krekt de Noardske ynfloeden.



UNTWERPKANVAS

It ûntwerpkanvas kinst brûke as in:

- Ûntwerptool foar lessen of projekten erfgoed en kultueredukaasje.
- Checklist.
- Ramt foar petearen mei kollega's of kulturele partners.
- Ûnderdiel fan de ûnderbouwing rjochting belied en ferantwurdig.

Hjirûnder fynst in ynfold en útwurke foarbyld foar groep 3 en 4:

FAZE	LESIDEE	LEARLINE	WAT DOCHT DE LEARLING	FEARDICHHEDEN	KEARNDOELEN
FERWUNDERJE	'Sjoch allegearre ris nei it foarwerp dat op tafel leit en tink 30 sekonden stil nei oer wat it wêze kinne soe.'		Sjen, harkje, fiele, fantasearje	Opmerke, waarnimme, foarstelle, ferbyldzje	
FERDJIPJE	'Wat soe dit foarwerp allegearre meimakke hawwe en wa soe it brûkt hawwe? Meitsje in reis troch de tiid en krûp yn de hûd fan it foarwerp. Sammelje alle situaasjes en persoanen dy't by dy op komme yn in mindmap.' Lit it foarwerp yn oanrekking komme mei in histoaryske Fryske VIP of jou it in haadrol yn in hjoeddeisk barren yn Fryslân.	Frysk sulver, spoaren út it ferline groep 3 en 4	Ûndersykje en betsjutting jaan	Ûntdekke ferbannen lizze	Keunst en kultuer: Kearndoel 35 C Kearndoel 36 A Kearndoel 37 Fryske taal en kultuer: Kerndoel 5
FERWURKJE	Learlingen meitsje in speurtocht of rûnlieding om it foarwerp/tema hinne. En fertelle wat it objekt seit oer it Fryslân fan eartiids en no.		Eigen ideeën útwurkje, diele	Beneame, besprekke, foarstelle, ferbyldzje	
WAT WY YN BEWEGING BRINGE WOLLE BY DE LEARLING	Learlingen stappe yn it ferhaal fan in foarwerp en bringe it ta libben. Se mikse feit en fiksje en eigenje har it foarwerp en ûnderwerp ta.				



Scan hjir foar in lege, printbere ferzje.

ERFGOEDÛNDERWIIS

Dit middel is makke om dyn skoalle of erfgoedynstelling op paad te helpen mei erfgoedûnderwiis. It stipet dy by it meitsjen fan nije lessen foar yn 'e klasse of op de erfgoedlokaasje. It is ûntwikkele troch Tresoar, Museumfederatie Fryslân en Keunstwurk, mei finansjele stipe fan de provinsje Fryslân.

KEARNDOELEN

De keardoelen fan it primêr ûnderwiis foarmje it útgongspunt. Dat binne de wetlike doelen dêr't alle ûnderwiisaktiviteiten yn Nederlân op basearre wurde. Yn Fryslân komt der noch wat bysûnders by: de keardoelen Fryske Taal en Kultuer. Dêrneist biedt it in dúdlike wurkwise om stap foar stap ta in erfgoedles te kommen dêr't de Fryske taal en kultuer yn ferfrissele is.

EACH FOAR IT EIGEN FERHAAL FAN IN ELK

Kultureel erfgoed is neist oan in plak bûn ek persoanlik. It is oan 'e skoalle om de learling te yntrodusearjen yn de besteande wrâld en yn 'e kunde komme te litten mei de foarbye wrâld, mei each foar it ferhaal fan in elk, bertegrûn, gebrûken, foarwerpen, taal en kultuer.



Scan my foar in ûntwerpkanvas,
eftergrûnynformaasje, mear
lesmateriaal en handige links.